

4. Holistyske oanpak fan meartalich basis- en fuortset ûnderwiis

Mirjam Günther-van der Meij
Joana Duarte
Klaske Jellema-van der Meulen

Ynlieding

De provinsje Fryslân is, mei Frysk en Nederlânsk as offisjele talen, in natuerlik laboratoarium foar meartaligens. Krekt as oare twatalige of meartalige Europeeske regio's is it taalmozayk yn Fryslân kompleksere wurden troch de komst fan ymmigranten. De Fryske skoallen hawwe faak spesjaal omtinken foar easken oangeande nasjonale en frjemde talen yn it kurrikulum, mar wurde no ek hieltyd faker konfrontearre mei de needsaak om te foarsjen yn in oare oanpak fan alle talen yn it ûnderwiis. De skoallen en leararen wolle wol, mar misse faak de kennis en kunde foar in praktyske oanpak. Yn dit artikel komme in tal resinte ûntwikkelingen oangeande it brûken fan alle talen dy't yn it basis en fuortset ûnderwiis oanwêzich binne oan de oarder en de rol fan meartalige projekten fan de Akademy

Primêr Underwiis en it Lektoraat Frysk en Meartaligens yn Underwiis en Opbringen fan de NHL Stenden Hegeskoalle yn dat ferbân. Ta beslút wurdt der in tuskenstân jûn en sjogge wy foarút.

Meartalich Europa

Europa hat de lêste desennia te krijen mei in frij grutte taname fan it tal meartalige learlingen op skoallen; soks liedt ta 'super diversity' (Vertovec, 2007; Crul, Schneider & Lelie, 2013) yn skoallen mei learlingen dy't in migrante- of minderheidstaal prate. Spitigernôch hat it ûnderwiis lêst fan in prestaasjekleau tusken ientalige learlingen en meartalige learlingen dy't ûnderprestarje (OECD, 2016). In feroaring is nedich: fan ûnderdompeling dan wol twa- / trijetalige modellen dy't basearre binne op

monoglossyske ideologyen (Flores & Baetens Beardsmore, 2015), nei meartalige edukative oanpassingen yn reguliere skoallen, op basis fan heteroglossyske ideologyen. Dat wurdt ek wol de 'meartalige draai' (Nederlânsk: "wending") yn it taalûnderwiis neamd (Conteh & Meier, 2014).

Meartalich Fryslân

Plattelânsgebieten hawwe trochstrings minder te krijen mei super diversity as grutte stedsgebieten. Regionale minderheidstalen en streektalen hawwe minder kontakt mei migrantetalen. Mar dat feroaret fluch. Yn 'e ôfrûne tsien jier is de befolking yn Fryslân mear groeid troch allochtoane as troch autochtoane bewenners. Ien en oar resultaat yn in komplekse taalekology: Nederlânsk, Frysk, streektalen, Ingelsk as frjemde taal, oare frjemde talen (Dútsk, Frânsk, Sineesk, ensfh.) en in ferskaat oan migrantetalen (Arabysk, Tigrinya, Poalsk, ensfh.). Sadwaande ûntstiet der ek yn Fryslân in ferlet fan in "meartalige draai" yn it ûnderwiis.

De meartalige draai yn Fryslân betsjut:

1. In holistyske oanpak foar talen yn it ûnderwiis;
2. Kennis en kunde oer talen en yn talen;
3. Yntegraasje fan migrantetalen yn it ûnderwiis.

Op nei meartaligens as noarm, ek yn it ûnderwiis

Hoewol't Nederlân ryk is oan migrantetalen en autochtoan taalferskaat, bliuwt it ûnderwiissysteem benammen ientalich oriïntearre (Kroon & Spotti, 2011). Oare talen, lykas migrantetalen of regionale minderheidstalen, spylje in lytsere (of gjin) rol yn it ûnderwiis, wylst 22 prosint fan de

befolking in migraasje-eftergrûn hat (CBS, 2016). Ut ynternasjonaal ûndersyk docht net allinnich bliken dat meartalige learlingen better prestearje as har memmetalen erkend en brûkt wurde yn it ûnderwiis (Sierens & Van Avermaet, 2014; García, 2009; Cummins, 2000; Duarte, 2011), mar ek dat ientalige learlingen bettere resultaten berikke wannear't sy har taalbewustwêzen ferheegje en positivere attitudes foar oare talen oer ûntwikkelje (Candelier, 2004; Hélot, 2012). In soad leararen erkenne dat meartalige learlingen stipe krije moatte, sadat se better prestearje kinne yn it ûnderwiis en by sintrale toetsen (Tajmel & Starl, 2009). Tagelyk fiele se har ûnbekwaam as it der om giet hoe't se dizze learlingen boppeneamde stipe oanbiede kinne. Leararen binne der benammen benaud foar dat de learlingen de talen net ûnderskiede kinne as se ôfwikseljend brûkt wurde, hoewol't soks empirysk noch nea oantoand waard (Sierens & Van Avermaet, 2014). Sy binne der bang foar dat learlingen har thústaal – dy't de learaar net ferstiet – brûke sille om te rabjen, wat der ta liede kin dat de learaar de kontrôle oer de klasse ferliest. Ut ûndersyk docht lykwols bliken dat de learlingen har thústalen benammen brûke om te learen en om oer de learstof te praten (Rosiers, 2016; Jordens, 2016).

De aktuële fraach hoe't meartaligens in bredere, mear yntegrearre en natuerliker plak yn it ûnderwiis krije kin, is troch García (2007, xiii) sa formulearre:

"Hoe soe it taalûnderwiis derútsjen, as wy net langer it bestean fan yndividuele talen sintraal stelle? Hoe soene wy twatalich ûnderwize kinne op manieren dy't it taalgebrûk fan minsken wjerspegelet en net inkeld minsken as taalgebrûkers?"

En Lemke (2002, p. 85) stelt dy fraach sa:
"Soe it wêze kinne dat al ús hjoeddeistige pedagogyske metoaden ús meartalige ûntwikkeling yn feite dreger meitsje as needsaaklik, gewoan omdat wy bûge foar dominante politike en ideologyske druk om "talen" puer en fan elkoar skieden te hâlden?"

Opset projekten rjochte op meartaligens

Mei dy fragen yn gedachten binne der troch NHL Stenden Hegeskoalle in tal projekten op it mêd fan meartaligens starten. It fjouwerjierrige projekt *Mear kânsen Mei Meartaligens* (3M) rjochtet him op de ûntwikkeling en ymplemintaasje fan in holistyske oanpak foar brede meartaligens yn it ûnderwiis foar de middenbou fan fjouwer soarten Fryske basisskoallen. Yn it ramt fan de ienjierrige pilotprojekten *Talen4all* en *Holi-Frysk - meartalich fuortset ûnderwiis foar elkenien* wurdt in fergelykbere oanpak ûntwikkele foar ferskate doelgroepen. *Talen4all* rjochtet him op de boppebou fan de basisskoalle en benammen op Fryske basisskoallen mei in parsjele ûntheffing foar it fak Frysk. *Holi-Frysk* rjochtet him op de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis foar trije typen Fryske middelbere skoallen.


De projektskoallen hawwe elk in eigen fraach formulearre oangeande taalûnderwiis en meartaligens. Dêrby giet it om saken lykas it ferbinen fan de ferskate talen op in trijetalige skoalle of it beheljen fan minderheidstalen en migrantetalen yn it reguliere ûnderwiis, sadat alle talen in lykweardich plak krije op in skoalle mei in heech persintaazje migrantetaalsprekkers. De projektskoallen jouwe oan ferlet te hawwen

fan de ûntwikkeling en ymplemintaasje fan ûnderwiisaktiviteiten mei:

- a) minder skieding tusken fiertalen;
- b) yntegraasje fan oare talen yn it regulier ûnderwiis;
- c) in kombinaasje fan taallearen / meartaligens en it learen fan fakynhâlden.

'Bottom-up' opset projekten

De projekten hawwe in holistyske oanpak dy't him rjochtet op ferskate skoaltypen, lykas trijetalige skoallen, AZC-skoallen, skoallen mei in soad Nederlânsktalige learlingen en skoallen mei in soad oarstalige learlingen. Alle (thús)talen dy't op de skoalle oanwêzich binne, wurde by de ûntwikkele aktiviteiten behelle. Yn de projekten wurdt bottom-up wurke: leararen en ûndersikers ûntwikkelje mei elkoar meartalige aktiviteiten as "antwurd" op de fraachstikken fan de skoallen. Soks fynt plak troch skoalbesites, stúdjzejûnen en wurkwinkels mei leararen, direkteuren en taalkoördinatoaren. By sokke gelegenheiden wurde de oanpakken útlein en wurde der mei elkoar aktiviteiten ûntwikkele, ymplemintearre en evaluearre. It giet dêrby net allinnich om taalbehearsking yn in bepaalde taal, mar ek oer in kontinuüm fan meartaligens dat him beweecht tusken de wurdearring fan de talen en it gebrûk as fiertaal lykas ôfbylde yn figuer 1. Hjirûnder folget in foarbyld fan elk fan de oanpakken.




Figuer 1: Holistysk model foar meartaligens yn it ûnderwiis

Taalbewustwêzen

Foar de bewustwurding fan talen yn de omjouwing en it reflektearjen op it begryp taal, hawwe de projektskoallearlingen taalportretten makke. It taalportret lit sjen hokker talen de learlingen al kenne, hokker se noch leare wolle en wêr't se sels de taal yn har lichem pleatse, bygelyks yn 'e holle, yn it hert of by de hannen. It lit learlingen neitinke oer wat elke taal foar har betsjut en it makket har bewust fan har eigen meartaligens.



Foarbylden fan ynfolde taalportretten.




Foarbyld kognatekwis Frysk, Nederlânsk en Ingelsk.

Taalfergeliking

Foar taalfergeliking is it wurkjen mei kognaten, oftewol wurden yn ferskate talen dy't in mienskiplike etymologyske ôfkomst hawwe, hiel geskikt. Yn it ramt fan de projekten binne in soad aktiviteiten ûntwikkele dy't te krijen hawwe mei relaasjes en ferskillen tusken talen. Sa as bygelyks in kognatenkwis foar it Frysk, it Nederlânsk en it Ingelsk, wêrby't learlingen oan de hân fan oanwizingen yn trije talen antwurden jaan moatte op fragen. Dy antwurden wiene dan altyd yn dyselde trije talen twa- of trijefâldige kognaten (foto 3). By it jaan fan de antwurden waard bepraat yn hoefier't de wurden wat útspraak en stavering oanbelanget op elkoar liken. Foar âldere learlingen kinne jo noch in stap fierder gean mei in les oer taalfamyljes en de relaasje tusken Frysk en Ingelsk; sokke learlingen kinne bygelyks in taalfamyljeposter meitsje oer in bepaald ûnderwerp, lykas bisten.

Reseptive meartaligens

De reseptive meartaligensoanpak kin foarmjûn wurde troch middel fan *harktaal*. Harktaal is in foarm fan meartalige kommunikaasje, dêr't minsken mei ferskillende taalkundige eftergrûnen



Foarbyld taalfamyljeposter.

har eigen taal by prate en elkoar dochs begripe (ten Thije, 2010). Dy foarm fan asymmetryske kommunikaasje rjochtet him op de ûntwikkeling fan reseptive feardigens en it oefnen fan taallearstrategyen. Soks kin bygelyks dien wurde mei Frysk en Nederlânsk, mar ek mei Ingelsk, Dútsk, in dialekt of in migrantetaal. Yn it ramt fan de projekten hawwe wy ferskate gearwurkingsaktiviteiten ûntwikkele, dêr't learlingen mei ferskate taaleftergrûnen elk har eigen taal by brûke om mei elkoar opdrachten út te fieren (bygelyks in skat yn in doalhôf fine). Troch dy opdrachten leare learlingen om wurden en struktueren te werkennen en yn har eigen taal antwurden te formulearjen. Sa ûntwikkelje se positive attitudes foar oare talen oer en ûntwikkelje se op in boartlike wize eigen taallearstrategyen.

Content and Language Integrated Learning (CLIL)

Taallearen kin tige goed mei it learen fan in saakfak kombinearre wurde. Faak wurde CLIL-lessen yn it Ingelsk jûn, bygelyks in muzykles, mar it is ek tige goed mooglik om dêrfoar in minderheids-, streek- of buerttaal

te brûken. Tink oan in rekkenles yn it Frysk of in biologyles yn it Stellingwerfsk. De lessen yntegrearje sa ûndersykjend learen mei taallearmetoadiken, dêr't foar de learlingen it gebrûk fan de taal yn konkrete kommunikative situaasjes by sintraal stiet. De klam leit dus net op it taallearen, mar ek op de ynhâld. Dochs krije de learlingen tagelyk ek in soad fan taal mei.

Underdompeling ('Immersion')

Yn it ramt fan de projekten wurde de ferskate talen ek as fiertalen brûkt. It giet dêrby benammen om Nederlânsk, Frysk en Ingelsk. Mar it is foar te stellen dat der ek oare talen ynset wurde. By it 3M-projekt wurdt op it stuit wurke oan in seistalige online-learomjouwing, e3M, dêr't foar it leargebiet Natuer & Technyk opdrachten en aktiviteiten yn it Frysk, Nederlânsk, Ingelsk, Poalsk, Arabysk en Tigrinya by ûntwikkele wurde. De learlingen kinne de opdracht lêze, der nei harkje en maklik fan taal feroarje om sa bygelyks de talen mei elkoar ferlykje te kinnen. De learomjouwing e3M rjochtet him benammen op de fakynhâld, mar it taallearen spilet ek in wichtige rol as stipefunksje. Mei de mooglikheid om te skeakeljen tusken talen of yn de iene taal te lêzen en yn de oare te harkjen, kin de thústaal as brêge brûkt wurde om bygelyks Nederlânsk, Frysk of Ingelsk te learen.

Translanguaging

Mei *translanguaging* wurdt it taalgebrûk fan meartaligen bedoeld dêr't der gjin dúdlike grinzen by te lûken binne tusken de ferskillende talen, stilen en registers; it giet oer it oanwinnen fan taal yn in taalkontinuüm. Dat kin ek yn it ûnderwiis as didaktyk brûkt wurde. Sa hat de Poalske studinte-assistent fan it 3M-projekt foar

in trijetalige skoalle mei migrantetaalsprekkers, by in natuerles oer it bôlebakken, it Nederlânsk as fiertaal brûkt wylst se hieltyd mominten fan translanguaging kreëarre troch Poalsk mei de Poalske learlingen te praten. Ek oare leararen fan de projektskoallen brûke it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk trochelkoar yn harren lessen, lykas de ûndersteande transkripsjes sjen litte.

Foarbyld translanguaging

Skoalle: reguliere stedsskoalle mei heech persintaazje Nederlânsktalige learlingen

Fak: taal

Groep: 7

Setting: it tema fan de Ingelske les is kommunikaasje. De klas diskusearret oer wat taal is. De leraar brûkt Nederlânsk, **Frysk** en *Ingelsk* as ynstruksjetalen.

Foarbyld 1:

Ok. So we're going to look at our own language and languages from other countries or from our own province, Friesland. Yes? So, language. Why do we use language? Waarom gebruiken we taal?

Wêrom brûke wy taal?

Foarbyld 2:


*We're going to have a look at words today and we're going to play with language. We're going to look at several languages to express yourself. How can we express ourselves? By singing, writing, talking but also drawing for instance. Je kunt ook iets tekenen. **En eh, ast dúdlik meitsje wolst hoe'tst dy fielst, dan binne der dus in hiel soad dingen dêr'tst dat mei dwaan kinst. En dat besjogge wy hjoed even.***

Holi-Frysk-projekt begjint krekt oan in ferfolch mei mear skoallen. De lessen dy't wy oan no ta leard hawwe binne:

1) Meartaligens moat gjin taak wêze boppe-op de oare deistige leararetaken, mar as fanselssprekkend yn alle aktiviteiten yntegrearre wurde;

2) Skoallen moatte it tradisjonele ûnderdompelingsûnderwiis oanfolje mei oare oanpakken.

Mar hoe berikke wy dy doelen? Figuer 2 sketst hoe't skoallen fan in ien-, twa- of trijetalich model oerstappe kinne nei in meartalich model.



Figuer 2: Fazes fan ien- nei meartalich ûnderwiis.

Oant no ta binne de reaksjes fan learlingen en leararen op de aktiviteiten dy't wy yn it ramt fan de projekten ûntwikkele hawwe tige posityf. Oarstalige learlingen binne bliid dat har thústalen erkend wurde en Nederlânsktalige learlingen steane positiver foar it Frysk oer. Leararen jouwe oan dat se har wisser fiele oer hoe't se mear oare talen as de reguliere ynstruksjetaal brûke kinne of as hefbeam ynsette kinne yn har lessen. Se wurdearje boppedat de ynteraktiviteit fan de aktiviteiten.

In stikmanich sitaten fan leararen dy't dielnimme oan de projekten:
"Myn learlingen hawwe mear respekt krigen foar minsken dy't Frysk prate. Se sjogge better yn wêrom't minsken kieze om in dialekt (of Frysk) te praten en yn hokfoar situaasjes se dat dogge."

"Jo sjogge har selfertrouwen groeien as har taal op it boerd ferskynt en sy der wat oer fertelle kinne."

"Sy hawwe ûnderfûn dat har eigen taal ek tige wichtich is by it ûntwikkeljen fan in nije taal."

Troch de projekten wolle wy ús kennis en kunde, en ûnderfining op it mêd fan *meartalich ûnderwiis foar elkenien* de kommende jierren fierder útwreidzje en diele, net allinnich yn it Noarden, mar ek yn en mei de rest fan Nederlân.

Mear ynformaasje oer de projekten is hjir te finen:

3M: www.3mproject.nl

Talen4all: www.talen4all.nl

Holi-Frysk: www.holi-frysk.nl

Literatuer

- Candelier, M. (red.) (2004).** *Janua Linguarum – The Gateway to Languages. The Introduction of Language Awareness into the Curriculum: Awakening to Languages.* Strasbourg: European Centre for Modern Languages/ Council of Europe Publishing.
- CBS (2016). Bevolking.** <http://www.statline.cbs.nl>, Centraal Bureau voor de Statistiek.
- Conteh, J. & Meier, G. (2014).** *The Multilingual Turn in Languages Education. Opportunities and Challenges.* Bristol: Multilingual Matters.
- Crul, M. R. J., Schneider, J., & Lelie, F. (2013).** *Superdiversiteit. Een nieuwe visie op integratie.* Amsterdam: VU University Press.
- Cummins, J. (2000).** *Language, power, and pedagogy: Bilingual children in the crossfire.* Clevedon: Multilingual Matters.
- Duarte, J. (2011).** *Bilingual Language Proficiency. A Comparative Study.* Münster: Waxmann Verlag.
- Flores, N., & Baetens-Beardmore, H. (2015).** Programs and structures in bilingual and multilingual education. In W. Wright, S. Boun, & O. García (red.), *Handbook of bilingual and multilingual education* (pp. 205–222). Oxford, UK: Wiley-Blackwell.

- García, O. (2007).** Foreword. Intervening discourses, representations and conceptualization of language. In: S. Makoni & A. Pennycook (red.), *Disinventing and reconstituting languages* (pp. xi-xv). Clevedon: Multilingual Matters.
- García, O. (2009).** Education, Multilingualism and Translanguaging in the 21st Century. In A. Mohanty, M. Panda, R. Phillipson, & T. Skutnabb-Kangas (red.), *Multilingual Education for Social Justice: Globalising the Local* (pp. 128-45). New Delhi: Orient Blackswan.
- Hélot, C. (2012):** "Multilingual Education and Language Awareness". In: C.A. Chapelle (red.), *The Encyclopaedia of Applied Linguistics* (pp. 258-300). New York: Wiley Blackwell.
- Jordens, K. (2016).** Turkish is not for learning, miss. Valorizing linguistic diversity in primary education. Leuven: KU Leuven.
- Kroon, Sjaak, & Spotti, Max (2011).** Immigrant minority language teaching policies and practices in The Netherlands: Policing dangerous multilingualism. In Vlatka Domovic, Marianne Krüger-Potratz, & Anna Petracic (red.), *Europsko obrazovanje: Koncepti i perspektive iz pet zemalja* (pp. 80-95). Zagreb: Kolska Knjiga.
- Lemke, J.L. (2002).** Language development and identity: multiple timescales in the social ecology of learning." In C. Kramsch (red.) *Language Acquisition and Language Socialization* (pp. 68 -87). London: Continuum.
- OECD (2016).** *PISA 2015 results* (Volume 1). Excellence and equity in education. Paris: OECD Publishing.
- Rosiers, K. (2016).** "Nederlands om te rekenen, Turks om te roddelen? De mythe ontkracht. Een interactie-analyse naar translanguaging in een Gentse superdiverse klas." *Tijdschrift voor Nederlandse Taal- en Letterkunde* 132 (3): 155-179.
- Sierens, S. & P. Van Avermaet (2014).** "Language diversity in education: Evolving from multilingual education to functional multilingual learning." In: D. Little, C. Leung & P. Van Avermaet (red.), *Managing diversity in education: languages, policies, pedagogies* (pp. 204-222). Clevedon: Multilingual Matters.
- Tajmel, T. & Starl, K. (red.) (2009).** Science Education Unlimited. Approaches to Equal Opportunities in Learning Science. Münster: Waxmann, ten Thije, J.D. (2010) Lingua receptiva als bouwsteen voor de transnationale neerlandistiek. *Internationale Neerlandistiek: tijdschrift van de internationale vereniging voor Neerlandistiek*, 4, 5-10.
- Vertovec, S. (2007)** Super-diversity and its implications. *Ethnic and Racial Studies* 30 (6), 1024-1054.